


Moard op 'e steger

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 663 4  
1e druk: 2024  
© 2024, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser  
Ossekop 4  
8911 LE Ljouwert  
www.elikser.nl  
Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra  
Foto omslach: Annie Bylsma

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân  
**provinsje fryslân**  
**provincie fryslân** 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opsein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Moard op 'e steger

Meindert Bylsma





## Haadstik 1.

It is in soele moanditemoarn yn july. Brigadier-resjersjeur Liuwe Bekkema en haadplysje-resjersjeur Lukas Roosjen komme tagelyk by it plysjeburo oan. De beide mannen wurkje al jierren gear. Se binne folslein ferskillend fan ynslach. Bekkema is ien fan stevich mei de skonken op 'e grûn, rjocht op it doel ôf, gjin omballigen en de kop der by hâlde, ien fan de tiid hâldt gjin skoft. Roosjen is mear ien fan: de tiid kin dan wol gjin skoft hâlde, mar ik wol. Hy is wat filosofysker oanlein, sjocht gauris in oanlieding om eefkes oer nei te tinken. Beide mannen binne wol wat Fryksinnich. Bekkema is dêr wat fûler yn. Hy hat bygelyks in grouwéligen hekel oan alle Ingelske wurden dy't hieltyd mear yn 'e taal slûpe. Roosjen is dêr wat noflikker yn. Bekkema is minder natoerman as syn kollega. Dy hat grutte niget oan alles wat mei de natoer te krijen hat. Hy wit fan hast alle fûgels en oare bisten de Fryske namme. Bekkema ken dy net en dat steekt wolris wat. Roosjen makket soms ek samar in healwize opmerking om de sfear wat op te krikken of omdat him wat yn 't sin sjit. As hy begjint mei: witsto wol Liuwe..., dan wit Bekkema wol hoe let oft it is. Dan is der wat fan Roosjen syn hurde skiif ôf rôle. Dat moat er dan eefkes kwyt. Dat falt net altyd likegoed by Bekkema, mar hy hat yn 'e rin fan 'e tiid wol leard dat der tsjinyn gean net helpt. It moat eefkes syn gerak ha. En ek al bart dat soms samar midden yn in yngewikkelde saak dy't se oplosse moatte en ek al ropt Bekkema dan: 'Man wêr bist yn fredesnamme mei dwaande,' se kenne as de blommen. Op it buro wurde se dan ek "De Blomkes" neamd. Har nammen liene har dêr ek wol wat ta fansels.

De beide resjersjeurs komme tagelyk by it buro oan en rinne tegearre nei har kantoar. It earste wat se dêr dogge is de kompjûter opstarte en de mailbox iepenje.

‘Gjin nijs,’ bromt Bekkema.

‘Moai sa,’ laket Roosjen.

‘Hoesa moai sa.’

‘Gjin nijs is ek wolris goed nijs.’

‘O ja?’

‘Ja, want dan binne der yn ús kontreien yn alle gefallen gjin minsken fermoarde.’

Bekkema giet der mar net mear op yn.

‘Dat wurdt hjoed papierwurk,’ bromt er fierder.

‘Papier hier!’ ropt Roosjen oerdwealsk en hâldt in prullebak omheech.

‘Man doch net sa oerdreaun fleurich.’

‘Oerdreaun? Dan soe it noch folle mâler gean.’

Ynienen sjocht Roosjen wat. Hy rint nei it rût.

‘Oer fleurigens praat,’ seit er en wiist nei de loft, ‘it krioellet dêr fan klearebare fleurigens.’

‘It sil him wol oan my lizze, mar ik sjoch gjin fleurigen yn ’e loft omkrioeljen.’

‘Better sjen Liuwe. Mar it is net allegearre fleurigens wat de klok slacht. Lykas sa faak yn it libben, trystens krioellet mei.’

‘Kinst ek wat dúdliker wêze?’

‘Sjochst dy fûgels dan net? Al dy kobben en al dy wytgatsweltsjes? Dy hawwe it wol nei ’t sin, dat is de fleurige partij.’

‘En de tryste?’

‘Sjoch mar wat dy fûgels dogge. Hap, in lekker hapke, hap snap al wer ien. Dy hapkes binne de tryste partij.’

‘En wat binne dy hapkes?’

‘Dat binne útfleanende miammelmantsjes. Om distiid hinne, op in waarme dei lykas hjoed fleane dy út. Se fleane dan manmachtich út har nêsten ûnder tegels wei, of strjitstiennen of wêr’t se har nêsten ek mar hawwe. In stikmannich keninginnen fleane ek út. Dy gean op breidsflecht. De mantsjes fleane der gleonhjit, de siedbaltsjes op springen, as healwizelingen efteroan. Se wolle allegearre mei in keninginne neuke.’

‘Kin it ek in bytsje minder ûnfoech?’

‘Do dyn sin. Se wolle allegearre mei in keninginne pearje. Dat slagget mar ien, of miskien ek wol in pear, dêr wol ik ôf wêze. Rillegau saaije alle mantsjes, as se net opfretten binne troch in kob of in sweltsje, tsjin ’e grûn en stjerre. As mantsjes ha se dan gjin nut mear en dan is it ein ferhaal. Dat is de hurde miammelwet. De keninginnen dy’t oan ’e snapsnaffels ûntkommen binne, fleane nei ûnderen, smite de fleugels ôf en stiftsje in nij nêst. Se ha op har breidsflecht safolle sied opdien en yn in soarte fan siedkeammerke yn it liif opslein, dêr kinne se har hiele libben lang wol op tarre en in libben lang aikes mei befruchtsje.’

Roosjen sjocht Bekkema eefkes oan, mar dy reagearret net en dus filosofearret er fleurich fierder.

‘Ik sil dy wol sizze Liuwe, ik bin bliid dat ik gjin miammelmantsje bin. Wat ha dy mantsjes no foar in sekslibben. Foar in pear fan har is it ien kear en noait wer en foar de measten nul kear en noait wer in kâns. En ik tink dat dyn Wytke bliid is dat se gjin miammelkeninginne is.’

No reagearret Bekkema wol.

‘Soa tinksto dat. Ik fyn datsto mar healwize gedachten hast op moandeitemoarn. Spilet it waarme waar dy parten? Mar gau oan ’t wurk soe ’k sizze, dan hast gjin tiid mear foar dy brodzige gedachten.’

Sûnder noch in soad te sizzen dogge de mannen, suver in bytsje tsjin it sin, de dingen dy't se dwaan moatte: mailbox leegje, yn 'e prullebak smite wat fuort kin, opslaan wat bewarre wurde moat, ôfprintsje wat noch oan in dossier tafoege wurde moat en ... dan docht bliken dat sels Bekkema mei dit waarme waar de kop net hielendal by 't wurk hat.

'Der hat in tiid west Lukas, doe hienen wy hjir in kollega dy't poerbêste kofje sette koe. Wistst it noch? Janke hiet se. Dy brocht de kofje ek noch rûn, yn in boerebontkopke mei in lekker rûkend en noch better smeitsjend dúmke derby. En no? Janke is in automaat wurden, it boerebontkopke in kartonnen bekerke, it dúmke in ynpakt kleverich sjerpwafeltsje en de kofje is net te sûpen. Dat Janke fuortbesunige is, kin ik no noch wol om janke.'

'Do begjinst âld te wurden Liuwe. "Das war einmal", sizze de Dútsers. Dat is de foarútgong.'

'Foarútgong seist? Neffens my giet it bytiden mei gong efterút.'

'Wy kinne it net keare. Gâns geleardere lju as ús gean dêr oer.'

'Do hast gelyk Lukas, dêr binne wy te dom foar. Wy sille ús wol ûnder de foarútgong dellizze moatte. Mar ek al is it lang lyn, soms tink ik noch wolris eefkes oan Janke, lykas no, no't ik sin oan kofje haw. Mar ik wit wol in plakje dêr't de kofje net út in automaat komt en dêr't se by de kofje ek noch wol wat oars leverje kinne. No wat seist der fan.'

'Dat dyn ideeën net altyd goed binne, mar dizze wol.'

By "Oan it Waad" sykje se in plakje op it terras. Se hoege gjin rekken te hâlden mei de wyn, want it is sawat blakstil. Sa no en dan in hast net te fernimmen sigentsje en dat is it wol.

Roosjen sjocht Bekkema oan. Dy knikt al foardat



Roosjen wat freegje kin. En dus bestelt er twa kofje en twa Bearenburchjes. It famke dat de bestelling bringt jit de Bearenburchjes pas yn as se de romers op it taffeltsje delset hat, oars soe se puozje. De beide resjersjeurs krije hjir as fêste BB-ers in foarkarbehanneling: in BBM-er, in Bearenburch Boazumer Mjitte, ien mei in kop der op. Se nimme earst in slokje kofje en bûge har dan foaroer om de kop fan 'e romer ôf te slurpen. Ek sy wolle gjin edel focht puozje, dat soe allinnich mar ûngelok bringe.

Op see driuwe mei sloppe seilen in pear sylboatsjes.

'It is mei dy boatsjes al krekt as mei minsken,' laket Roosjen, 'jo hawwe de wyn net altyd yn 'e seilen.'

'Krekt,' glimket Bekkema, 'it giet net altyd foar de wyn. It sil wol fan 't waar komme Lukas, mar ik fyn dat wy mar wat ôfwaaid praat ha.'

'Bin ik net mei dy iens Liuwe.'

'O nee?'

'Nee, in praatsje oer it waar is noait ôfwaaid praat. Dat sit gewoan yn ús genen. Wy binne fan oarsprong in folk fan boeren en foar boeren wie en is it waar altyd wichtich. Dêrom ha wy ek in soad wurden en siswizen yn ús taal dy't mei it waar te krijen ha. Sa ha wy bygelyks wol mear as santich soarten waar. Om mar ris in pear fan dy santich te neamen: hjoed bygelyks is it brodzich waar, mar it kin ek skrousk wêze of rûzich, wreed, skraal, skrok, bluisterich of ûnljich. Al dat waar sil dy faaks net ûnbekend wêze. Mar hasto wolris heard fan tribelich waar?'

'Is de waarmte dy yn 'e kop slein en betinkst no dyn eigen waar?'

'Sok waar bestiet echt Liuwe. Tribelich waar is ûnbestindich waar mei rein en wyn. En wat seist fan matsk waar? Ek noait fan heard? Dan is it waarm en fochtich.'

‘Se kinne dy wol as waarman ynhiere. Hoe komsto oan al dy wiisheid?’

‘Fan ús pake en beppe.’

‘Pake en beppe?’

‘Ja, pake en beppe fan mem har kant, pake Willem en beppe Wybrich. Pake wie komelker, keuterboer om net te sizzen keutelboer. Hy berêde de efterein fan it lytse pleatske dat se bebuorke. Acht kij hienen se. Beppe beoardere de foarein en soarge fierder noch foar de hinnen, de baarch en de grientetún.’

‘En dêr bestienen se fan?’

‘Net oars. Yn ’t wykein kaam ik dêr gauris. Pake wat helpe by ’t fuorjen of beppe wat bystean yn ’e grientetún. Under de kofje hienen se altyd in praatsje oer it waar.

“Ik soe moarn de treddeheale skodzje, Wybrich, mar ik tink dat ik it hea noch mar eefkes yn wurdzen lizze lit.”

“Fertrouste it waar net Willem?”

“De sweltsjes fleane frijwat leech. Dat wiist op ûnlijch waar.”

“No’st it seist, yn ’e tún stean de pûltsjes yn bloei, mar omrint gjin bijen te sjen. As dy har skûl hâlde is dat ek gjin goed teken. Dat wiist op tribelich waar.’

As se sa’n wurd brûkten, in wurd dêr’t ik noch noait fan heard hie, frege ik der op yn. “Wat is dat beppe, tribelich waar?”

As it moai waar wie sei pake altyd: “It is waar as spek, men kin der âlde wiven mei fetmeste.” En dan reagearre beppe mei: “moat it no wer sa mâl, lit dy fetmeste froulju der mar bûten”.

Sa learde ik yn ’e rin fan ’e tiid fan alles oer it waar, want dat praatsje by de kofje wie fêste prik. In ernstich praatsje, want oer it waar makke jo gjin grappen. Sa wit ik no wat karbûstich waar is, lúnsk waar en rûpsk waar.

Se holden ek altyd de bisten yn 'e gaten. As bygelyks yn 'e maitiid de mollen al betiid begongen te wrotten, dan wie de winter yn it neigean. As downen en hinnen foar de rein skûlen, dan soe it mar in buike wêze, mar bleauwen se bûtendoar, lieten se har gewoan wiet reine dan soe it in stille reinder wurde. As nei in lange drûge perioade de Fryske Gealtsjes, de kikkerts, wer begongen te kwêkjen, dan wie der rein op komst. As de kij yn 'e greide ûnrêstich begongen te balten, dan soe it rûch waar wurde en datselde waar soe it ek wurde as de hoanne op 'e toer hieltyd hinne en wer gong of yn 'e rûnte draaide. Waarfoarsizzers wienen der by 't sekfol. Ik haw noch mar in pear neamd. Ik ha se ek net allegearre paraat fansels.

En witssto wol dat it waar ek ynfloed hat op minsken, op hoe't se har fiele, op it sin dat se hawwe. Der wurdt wol sein dat minsken krekt as it waar binne. Foar de ien is it alle dagen moai waar en lange dagen, foar de oar is it sân dagen yn 'e wike mâl waar. Mei de wyn is it net oars. Guon kruie de mole as de wyn om rint, by oaren hat kruijen gjin doel, want de wyn sit by sokken dochts altyd yn 'e ferkearde hoeke.'

Bekkema hat mei oandacht nei Roosjen syn ferhaal harke. Ynienen sjocht er nei de lege kopkes en de like lege romerkes.

'Om by it waar en benammen om by de wyn te bliuwen Lukas, der waait my op dit stuit neat mear yn 'e hals.'

'Dat kin ek net Liuwe, want it is blakstil.'

Roosjen hat de hint lykwols wol troch en bestelt noch twa kofje en twa Bearenburchjes.

De fûgels lûke har, yn tsjinstelling ta de minsken, net al te folle fan it lome waar oan. Se saaije lykas altyd troch de loft, de eachjes wach. Ien kob hat in krab yn 'e bek. Boppe de basaltstiennen lit er him los. Roosjen sjocht it.

‘Handich,’ ropt er.

‘Wat is handich!’

‘Hast dat dan net sjoen?’

‘Wat moat ik sjoen ha?’

‘Dat dy kob in krab op ’e stiennen falle liet. Dat die er mei sin. Dan barst it skyld fan ’e krab stikken en kin er by it weake krabbefleis en dan seit er op syn Kobs: “Mjum, mjum, mjum.” ’

Bekkema skoddet mar wer ris mei de wize holle.

Net fier fan har ôf strykt in oare kob brutaalwei del op it stek fan it terras. Dêr stiet er dan mei syn prachtich moaie sûkeladebrune kop eefkes stânbyld te wêzen. Hy loert alle kanten op, longeret nei alle gedachten op in stikje patat dat op ’e grûn fallen is of him tasmiten wurdt. Om ’e nocht, want op dit stuit binne der hjir noch gjin patat-iters en dus set er rillegau de flerken der wer yn.

It is opkommend tij. Twa griltsjes drave drokdoggerich foar it oprûpende wetter út. Minsken dogge minder drok. Gjûn heiten dy’t yn har twadde jeugd mei har kroast oan it draakjefleanen binne en likemin hymjende heiten efter in bal oan om har opgroeiende snotapen te ymponearjen. Op wat lytse bern nei dy’t mei in ammerke en in skepke yn it sân ompiele leit sawat elkenien langút. Sinne-oanbidders lizze te brún- of te readbakken en elkenien dy’t syn of har bekomst fan ’e sinne hat, leit yn it skaad fan wynskermen, parasols of strântintsjes.

Yn ’e haven lit in fearboat mei trije stjitten op ’e skipshoarn witte dat er fan doel is de haven út te farren om in lading toeristen ôf te leverjen op Flylân of Skylge.

Op ’e beide slopseilige sylboatsjes en in pear fiskersboaten yn ’e fierte nei, is it stil op see. Soe der wyn stien ha, dan soe it hjir no optild ha fan kite-surfers mei seilen yn alle kleuren

fan 'e reinbôge. De kleur sit no yn 'e wynskermen, de parasols, de tintsjes en leit koartbebroekt en lytsbekinynt yn it sân. Allegearre kleur, mar dat der in soad fleur fan út giet, no nee. It is krekt of leit der in wale fan lome lammenadigens oer alles hinne. In pear seespûkeblomkes tusken de basaltstiennen, seepspotsjes, litte de potsjes hingje en de pis yn see rinne.

'De see rûkt,' seit Roosjen, 'algen grif dy't mei dizze waarmte belies jouwe.'

'De see stjonkt,' bromt Bekkema in bytsje sikkeneurich.

It liket wol, of is de lamliddichheid fan de lju op it strân op him oer slein.

'Moatst dêr ris sjen,' besiket Roosjen de fleur der yn te hâlden, 'in wartebiter, wat moai.'

'Wartebiter, wartebiter,' sikkeneuret Bekkema fierder, 'do moatst dat bist net sa útskelle, dat is in libelle.'

Roosjen syn wartebiter en Bekkema syn libelle hinget in pear tellen as in helikopter stil yn 'e loft en sjit dan as in raket fuort. Justjes letter raketet er werom en helikopteret wer eefkes stil yn 'e loft. Op 'e sneup nei in feilich plakje om op te lânjen? Dat hat er fûn: hy strykt del op 'e leuning fan in lege stoel oan 'e oare kant fan har taffeltsje.

'Wat hat sa'n bist hjir no te sykjen,' grommelet Bekkema.

'De wegen des wartebiters binne foar ús as ienfâldige plysjes net te befetsjen,' laket Roosjen.

Bekkema kin de lol der net fan ynsjen.

'Man doch net sa lollich!'

Hy nimt in swolchje fan syn Bearenburch, priuwt eefkes nei en slikket syn lippen ôf. Roosjen docht itselde.

'Witsto wol Liuwe,' seit Roosjen en nimt noch in swolchje, 'hoe't Bearenburch oan syn namme kommen is?'

'Hoe soe ik dat no witte!'

‘Dan sil ik it dy fertelle. Ik wit it sels ek noch mar krekt. Ik haw it in hoartsje lyn heard op in jierdeisfeestje fan in freon. Op dat feestje wie ek in man mei ferstân fan sterke drank, in drankolooch dus. Bearenburch, fertelde dy man, is neamd nei in kapitein, kapitein Bearenburch, in Harnzer kapitein dy’t mei in grutte trijemêster op East Ynje fear yn ’e santjinde iuw. De iuw dy’t letter “De Gouden Iuw” neamd waard, ek al blonk der yn dy tiid foar de measte minsken gjin goud. Mar dat is in oar ferhaal.

Dy Kapitein Bearenburch moast mei syn skip doe noch om “Kaap de Goede Hoop” hinne sile. It Suez kanaal bestie noch net fansels. “Kaap de Goede Hoop” wie berucht om syn wynstiltes. Dy koenen soms lang oanhâlde. Ek kapitein Bearenburch bedarre, op in weromreis nei Harns, in kear yn sa’n wynstilte. Hy waard siik en stoar.

No hie dy kapitein yn syn lêste wilsbeskikking opnommen dat er yn Harns op it hôf lizze woe. De bemanning wist dat. Dy lêste winsk fan ’e kapitein koenen se net omhinne fansels. Mei’t se noch altyd yn dy wynstilte sieten fregen se har ôf: Hoe kinne wy de kapitein goed hâlde oant wy wer yn Harns binne.

Op alle skippen dy’t lang ûnderweis wienen, hienen se yn dy tiid foar in stevige “oorlam” altyd in stikmannich fetten jenever mei. Se kamen op in geweldich idee: Wy triuwe de kapitein yn in leech jeneverfet, jitte dat dan oan ’e râne ta fol mei jenever en slute dat fet dan wer goed ôf. Sa sein sa dien.

De wynstilte duorre lykwols mar oan en mar wei en op ’t lêst wienen alle oare fetten mei jenever leech: gjin jenever mear, mar wol toarst.

Fan klearebare earmoed besleaten se om it fet mei de kapitein dan mar oan te slaan. Der kaam in brún focht út en it smakke bêst. En sa is Bearenburch oan syn namme kaam.’

Roosjen sjocht Bekkema eefkes oan. Dy jout gjin sjoege.  
'Moai ferhaal fynst ek net Liuwe?'

Hoe moai as Liuwe it fynt hoecht er net te ferdútsen,  
want syn telefoan giet. Hy harket in skoftke sûnder wat te  
sizzen.

'Wy stappe no yn 'e auto en ride der hinne,' seit er dan.  
Roosjen hat al lang yn 'e gaten wa't oan 'e telefoan is.  
'De meldkeamer?'

Bekkema knikt. Hy stekt de telefoan yn 'e bûse en komt  
oerein. Roosjen hat wilens al in betsjinster wonken om ôf  
te rekkenjen. Hy drinkt gau it lêste slokje kofje op en lit  
de lêste drippen Bearenburch oer de tonge yn 'e kiel glide.  
Bekkema docht itselde.

'Dy kapitein fan dy smakket noch altyd bêst,' gnysket er.

## Haadstik 2.

‘Dat wie de meldkeamer,’ docht Bekkema ferslach as se nei de auto rinne. ‘In eintsje bûten it doarp in kilometer of seis fierderop is op in steger oan ’e feart wat te rêden. De man dy’t de melding die wie folslein oerstjoer. Hy en syn frou hienen mei har motorboatsje oanlein op it ein fan dy steger. Op it oare ein siet in man te fiskjen. No ja, dat tochten se.

“Wol ’t wat bite?” rôpen se doe’t se goed en wol fêst leinen.

Mar de fisker antwurde net. Hy hong wat sleau yn syn stoel. Se fertrouden it net. De boatsjeman is der hinne rûn, waard allemachtich kjel en hat 112 skille.

“Moard!” rôp er oer de telefoan.

Se ha der fan it buro earst mar ris twa man fan ’e patrûljetsjinst hinne stjoerd om de boel troch it gat te sjen en mocht it nedich wêze, ien en oar ôf te sluten. Dêrnei hat de meldkeamer ús skille.’

Lykas altyd rydt Roosjen. As se fuortride nûnderet er de wize fan “Driuw no myn boatsje, driuw fleurich derhinne”.

‘Moat dat no?’ skodhollet Bekkema.

‘Wat?’

‘Dat nûnderjen oer in fleurich driuwend boatsje.’

‘Is dêr dan wat mei?’

‘Nei alle gedachten binne wy op wei nei in moard!’

‘Dy moard hat ús rêden.’

‘Wat is dat no wer foar healwiis praat.’

‘Oars hienen wy no op it buro sitten en ferfeelsum wurk dien.’

‘Bedoelst it sa.’

‘Net oars.’



‘Mar dat der earst ien fermoarde wurde moat om ús fan ferfeelsum wurk te rêden, is fansels wol in nuvere gedachte.’

‘Moatst it posityf besjen Liuwe.’

‘In moard is noait posityf.’

‘De iene syn dea is...’

‘Ja, ja, no witte wy it wol.’

As se by de feart oankomme hawwe har kollega’s de dyk lâns de feart al oan beide kanten ôfsletten mei read-wyt lint. Dat is ek wol nedich, want der is al wat nijsgjirrich folk opsetten kommen. Sa’t miggen rillegau witte wêr’t sjerp te finen is, sa hat dat folk rillegau yn ’e gaten krigen dat der op ’e steger wat te rêden is. No is in auto fan ’e patrûljetsjinst, yn tsjinstelling ta dy fan de beide resjersjeurs, fuortdaliks as plysje-auto te werkennen fansels. En de mannen fan dy tsjinst binne, ek al wer oars as Bekkema en Roosjen, yn unifoarm. Ek dat falt op.

Sjoernalisten fan ’e kranten binne der noch net, likemin as Omrop Fryslân. Mar dat sil wol net lang mear duorje. Mei ’t se fanwege de waarmte de ruten fan ’e auto iepen ha, fleane der, fan it omsteand laach by de ôfsluting, in stikmannich fragen op ’e resjersjeurs ôf.

‘Is der wat bard?’

‘Is der ien net goed wurden?’

‘Is der ien yn ’t wetter fallen?’

‘Is it in fisker?’

‘Is it ien út in boatsje?’

‘Is dy ferdronken?’

‘Witte jim al wa’t it is?’

Roosjen en Bekkema jouwe gjin sjoerge. It lint fan ’e ôfsetting wurdt foar har eefkes oan ’e kant lutsen en dan

ride se gau troch. Foar't se útstappe lûke se in pear plestik fingerwantsjes oan en in pear hoeskes om 'e skuon.

It slachtoffer is fan 'e dyk ôf net te sjen. De steger leit efter in tichte reidkraach. Yn 'e midden fan dy reidkraach is in trochgong makke mei in opstap nei de steger. Oan 'e iene kant leit it motorboatsje fan it stel dat 112 skille hat. "De Swalker" hjit it. Oan 'e oare kant sit it slachtoffer in bytsje yninoar sakke mei de holle foaroer op in stevige opklapstoel mei brede earmleuningen. Dy stoel hat der foar soarge dat er net omfallen is. Hy is sa't liket mei in skerp foarwerp, nei alle gedachten in mes, yn 'e rêch stutsen, dwarstroch it kanvas fan 'e rêchleuning hinne. Fanwege it waarme waar hat de man allinnich mar in lichte broek en in T-shirt oan. Op allebeide sit bestjurre bloed. Ek op 'e stoel en de steger leit bloed. Njonken de stoel stiet in iepenklapte fiskkiste. De angel stiet yn in hâlder. It snoer is tsjin 'e reiden oandreaun. In skepnet leit klear om brûkt te wurden. Yn 'e fiskkiste leit in mobyltsje. Ek al moat de TR der earst oer gear, Bekkema kin it net litte en sjoch der eefkes op. Mei de plestik wantsjes oan kin it ek net sa folle kwea. It lêste appke is nijsgjirrich. Fan 'e moarn ferstjoerd. Nei alle gedachten nei syn frou.

"Plan fan B. feroare, kom jûn dus net thús."

'Nei de deadsoarsaak hoege wy net te rieden,' konstatearret Bekkema, 'dy liket my wol dúdlik. Mar wy sille it rapport fan 'e TR en dat fan 'e patolooch dêroer mar ôfwachtsje, foar't wy definitive konklúzjes lûke.'

Roosjen knikt. Wilens komt kollega Dykstra de steger oprinnen.

'Is de TR al warskôge en de GGD foar in dokter?' freget Bekkema.

'Dat woenen wy mar oan jim oerlitte.'

'Moai, dan sil ik dat fuortdaliks dwaan.'

‘Der stean in pear sjoernalisten fan ’e “LC” en it “Friesch Dagblad” by de ôfsetting,’ fernijt Dykstra noch, ‘en yn ’e fierte kaam ek al in auto fan Omrop Fryslân oan. Dy krantemannen woenen ûnder de ôfsetting troch en hjirhinne, mar dat haw ik opkeard.’

‘Goed dien,’ knikt Bekkema, ‘op dit stuit kinne wy noch gjin pottekikers brûke.’

‘Wat moat ik tsjin har sizze?’

‘Sis mar dat se yn it belang fan it ûndersyk yn earste ynstânsje noch eefkes efter de ôfsetting bliuwe moatte en dat ik letter wol by har komme sil om fragen te beäntwurdzjen. It wurd pottekikers moatst fansels net brûke.’

‘Ik soe net doare,’ laket Dykstra, “hâld de parse te freon” seit de kommissaris altyd, “dy bringt de belestingbetellers op ’e hichte. En fan it belestingjild wurde wy betelle.”’

‘No sa,’ glimket ek Bekkema, ‘de kommissaris is stjerrende benaud om negatyf yn it nijs te kommen.’

‘Mar as dy sjoernalisten no besykje sille om oan ’e oare kant fan ’e feart te kommen en om dêr wei foto’s te nimmen of te filmjen wat dan? Se kinne ek noch besykje om in boatsje te sjarterjen.’

‘Dat is net te kearen. De feart fan beide kanten ôfslute sit der net yn. Sy moatte har dingen mar dwaan dan dogge wy uzes wol. As jimme no de wacht hâlde by de ôfsettingen, dan regelje wy de boel hjir wol.’

Dykstra wit genôch en drost ôf. Bekkema rjochtet him op Roosjen.

‘Wy moatte de boel hjir earst mar eefkes lizze litte sa’t it der no hinne leit oant de TR alles fêstlein hat. Asto no de ferklearring opnimst fan de minsken út it motorboatsje dan sil ik it buro skilje om it sirkus yn wurking te setten, “Sirkus Makaber” sille wy mar sizze.’

Roosjen rint nei de oare kant fan 'e steger. De man sit op it efterbankje. Syn frou sil wol yn 'e roef wêze.

'Lukas Roosjen, resjersjeur,' stelt er him foar, 'mei ik wol eefkes oan board komme? Ik ha wat fragen foar jim.'

'Stap mar yn. Ik sil jo wol eefkes in hân jaan. De frou is oan it kofje setten.'

'Foar de skrik?' laket Roosjen en giet op ien fan 'e sydbankjes sitten.

'No't jo it sizze, dat wie wol skrikken. Piter Fokkema is myn namme en dat is Sjoukje myn frou,' wiist er op 'e frou dy't út 'e roef komt, in blêd yn 'e hân mei de kofjebrol der op. Se giet foar Roosjen oer op it oare sydbankje sitten. It blêd set se njonken har del.

'Ek in bakje?'

'Graach.'

'Wat der yn?'

'In goatsje molke, gjin sûker.'

'Man, man wat is 't wat. Dan binne wy moai mei ús boatsje te farren en dan sitte wy ynienen midden yn in moard.'

De frou beredderet senuweftich drokdoggerich de kofje en Roosjen begjint in moaiwaarpraatsje om de spanning wat saksearje te litten. De man docht yn earste ynstânsje it wurd.

'Jim komme fan 'e Lemmer?'

'Ja.'

'Dat lies ik teminsten op jim boat.'

'Dat ha jo dan goed sjoen.'

'Binne jim hjir mei fakânsje?'

'Wy farre de Alvestêdetocht. Wy ha mar in lyts boatsje, wy kinne ûnder de measte brêgen wol troch.'

'It sechje seit: "Moai waar op 'e Lemmer". Dat ha jim hjir dan mar moai mei hinne nommen.'

'Hast te moai as ik myn sin sis.'